


7-6-'83

'T SKIEPPE- STURTSJE



doarpskrante fan tsjerkwert e.o.

REDAKSJE: Sytske Dykstra-Bouwhuis, tel. 2968
Richt Speerstra-Bakker, ,, 2635
Rients van Buren, ,, 9280
Marten Kikstra, ,, 9269
Jan Dykstra, ,, 9498

TYPE- EN STENCILWURK: Thea Dam-Ruiter

OMSLACH: Albert van Lingen jr., Wergea.

REDAKSJE-ADRES: Sylroede 5.

BANKRELAASJE: Rabobank Bolsward; gironr. 856.829
t.n.v. Rabobank Bolsward, rek.nr.
3087.56.800 t.g.v. It Skieppesturtsje
Tjerkwerd.




FOARWURD

Achte skieppesturten,

Noch eefkes en we nimme alwer ôfskie fan it jier 1983. Dan kin de nije kalender oan 'e muorre. Toch wolle we noch eefkes stilsteane by it ôfroune jier. Dêr wienen wer aktiviteiten genôch yn Tsjerkwert, mar dêr sil ús doarpsomropper jimme wol it ien of 't oar oer fertelle. Fansels wolle wy jimme betankje foar it ynleverjen fan kopy foar ús krantsje, want sûnder jimme kinne wy net. Miskien binne der dit jier wol mear doarpsgenoaten, dy't ris wat skriuwe wolle. Graach. Ek wolle wy tank sizze foar de bydragen, dy't altyd wer spontaan binnen komme. Tinke jimme der wer eefkes oan yn it nije jier? Om't Klaske v.d. Weg ferhuze is, sil tenei it typ-en stencilwurk dien wurde troch Thea Dam-Ruiter. Thea sukses tawinske. No sil fansels eltsenien útsjen nei it nijjiersbal op 1 jannewaris.

Wa sil de skieppesturt krije? Eefkes foar de nijkommers
 ûnder ús: Op 1 jannewaris om sawat 10 oere sil de
 tradisjonele skieppesturt útrikt wurde oan dyjinge, dy't
 him/har it meast fertsjinstlik makke hat foar de doarps-
 mienskip dit ôfroune jier. Noch betanke foar de tips.
 We hoopje fansels dat jimme allegear komme.
 As lêste winsket de redaksje jim allegearre folle lok
 en sûnens ta yn it nije jier.
 Nije kopy, altyd wolkom en wol foar 15 febrewaris 1984.

Sytske.



BERICHTEN VAN DE DORPSOMROEPER.

KORT OVERZICHT 1983.

Op de 6de januari op kraambezoek bij Coby Hofstra-
 Draaiier, vanwege het bekend maken van de geboorte
 van Folkert 5 januari.

Eensgezindheid in het nieuw.

De haan van de toren maakt een noodlanding.

Siebe de Jong, die als organist
 tientallen jaren de samenzang
 begeleide in de Ned. herv. kerk,
 verlaat ons.

Op mijn 63ste verjaardag, de 24ste
 januari maakte ik bekend, de
 geboorte van Jelmer Rutger en
 Trees Marijke.

In het zelfde nummer (1), stond dat J. Speerstra
 volkomen en terecht de hoogste dorpsonderscheiding
 kreeg omgehangen.

Con Spirito behaalde in Makkum een 1ste prijs.

Op de 26ste februari nodigt Joh. Dijkstra de gehele
 dorpsgemeenschap uit om de nieuwe windmolen te
 bezichtigen.





Op 21 maart raapt Jaap van Lingen in de namiddag, om precies 17.10 het eerste kievitsei van Tjerkwerd.

Vertrek ds. Nijenhuis.

Relaas van de middenstand van de laatste halve eeuw van Tjerkwerd, wat er was en wat er verdween.

Op de 30ste maart wordt Maria Dijkstra geboren.

6 Mei 25 jarige echtvereniging, tevens zakenjubileum fam. Kikstra-Kleistra.

Zelfs nog op de N.O.S. radio.

P. Poelstra 1ste bij de kaartclub.

Eensgezindheid geeft bijdrage in Huyksteijn.

Reisje op 15 april vrouwenvereniging.

Sietse Gietema schrijft uit Libanon.

21 April 40 jaar getrouwd, het echtpaar Batteram.

Van de kansel wordt gebeden voor droogte, maar na dit alles, wordt er later weer om regen gesmeekt.

Volbeda opent showroom. Geboorte van Boukje v.d. Wal, op de Singel en Eduard Witteveen op de Waltaweg.

De haan weer op de toren geplaatst.

Tuinwedstrijd, gezamenlijke wandeltocht en geslaagde dorpsreis.

Herma Groenewoud stelt haar voor, tevens geboorte van Krista Hendrika op de Waltaweg nr. 13.

Terwijl de fam. M. Huitema, Jousterterp 2, 25 jaar in de echt waren verbonden.

Hun dochter Hanny gaat de 2de september trouwen.

13 September schrijft mevr. Kikstra-Kleistra, dat de Klaverjasclub begint.

Verslag treinreis.

Vervolgens, Anne Dam gaat een verbintenis aan met Thea Ruiter.

De geboorte van Cornelis de Groot wordt nog bekend gemaakt, evenals die van Sjoerd Wijngaarden.

Degenen, die binnenkort uit ons dorp naar elders vertrokken: Het beste toegewenst. De binnenkomende, een goed verblijf onder ons.


Vervolgens beste lezers, maken we we even pas op de plaats en gaan dan wel iets van de hak op de tak, maar het is nu eenmaal niet anders.



OUDERDOM.

Met het stijgen van de jaren, hoop ik nog niet, dat ik de windstilte van de levensavond heb bereikt. Ouderdom kan vaak veel vreugde meebrengen, maar kan ook bij de verlieservaring, die sommige bejaarden krijgen te verwerken, en dan bedoel ik missen van het werk, of van de verantwoordelijkheid voor een gezin.

Daarom krijgen sommige mensen, wanneer ze na een werkzaam leven als het ware terugkeren naar huis, de rekening gepresenteerd van de oppervlakigheid, die hun relatie met anderen was gaan kenmerken en de sfeer wordt niet één van dit is het einde, maar één van benauwenis!



VERVOLG OVERZICHT 1983

Klokgeluid bij de trouwpartijen, als het bruidspaar het dorp binnenrijdt en daarna de kerk betrad om hun huwelijk in te laten zegenen, kunnen weer in het kabinet van de vergankelijke waarden worden bijgezet. Het was weer van korte duur, maar helaas jammer, het zij zo.

-Samen op weg-

Tenslotte, nu wij het komende jaar gezamenlijk op weg gaan, hoop ik, dat de drempel op de Waltaweg nr. 39 voor een aantal lieden niet te hoog is.



RADIO UITZENDING FLAP UT.

Precies een halve eeuw was het 31 maart 1983 geleden, dat ik de lagere school verliet, na eerst nog bovenmeester, dat was toen dhr. C v.d. Werf, bedankt te hebben voor het genoten onderwijs en dan de vorige maand als dorpsomroeper naast de bovenmeester in de 4,5 en 6de klas in verband met FLAP UT.

Toen ik tijdens de radio-uitzending voor de klas zat, kwamen bij mij vage herinneringen over vroeger.

De uitzending en alles er omheen, kun je wel zeggen is één van de hoogtepunten in mijn leven, als dorpsomroeper. Fijn dat

ik hieraan mocht meewerken. Mijn complimenten voor deze drie klassen. Spontane kinderen, als cijfer voor gedrag geef ik jullie allemaal een tien.

Zo zien jullie maar weer, deze zegepraal heeft de inzet bekroond. Veel reacties kreeg ik nadien uit de provincie. Onvergetelijk! Bedankt!

De koek, die wij al eens flink hadden aangesneden, is deze 14 december 1983 geheel op en in de hoop, dat hij u smaakt.

Het ga u goed en een prettige jaarwisseling.

De hartelijke groeten
van de Dorpsomroeper.



Langs deze weg willen wij, vrienden, bekenden en cliëtele, goede Kerstdagen en een Gelukkig Nieuwjaar toewensen.

W. de Vries
J. E. de Vries-Vinke
Smederij Tjerkwerd.

DE BALLADE FAN DE TOLVEHUNDERT FLORENEN.

Yn in tiid fan skeel en rûzje
tusken Skieringers en Fet,
hat de eale hear Tjerck Walta
him op 't slot nei wenjen set.

Mar it wie in earsten fjochter,
dy't dêr wenne op 'e stins.
Hy feroare froen yn fijân;
't wie in ûnbehouwen mins.

Op in dei doe kamen keaplju
út it fiere Frânske lân.
Mei har sterke houten skûte
sylden hja op Boalsert oan.


En dêr lieten hja har jild slaan:
tolve hûndert gûnen goud.
't Wie in hiele kist' florenen,
seine skepenen en skout.

"Ha," tocht doe Tjerck Walta monter,
"dy florenen bin' foar my.
'k Kin dy gûnen hiel wol brûke,
helte better tink as sy".

Dêrom lei der by Iemswâlde
smûk ferskûle tusken 't reid,
't kriichsfolk fan de hear Tjerck Walta,
oan't de wyn nei 't noarden draaid'.

Doe't de keaplju fierder fearen,
sylden hja op Warkun ta,
mar by Tsjerkwert lei Tjerck Walta
en dy soe de gûnen ha.

" 't Jild dat jimme makke hawwe,
is sa falsk as it mar kin.
Dêrom is it, tink ik, better,
dat ik jimme finzen nim".



Letter ha de keaplju klage
oer dit ûnrjocht en dit sear.
Yn de stêden Snits en Frentsjer,
krigen hja in willich ear.

Mar dat koe ús Tjerck neat skele
en hy teach nei Ljouwert ta.
"Wa wit, fyn ik dêr wol minsken
dy't wer wat te fjochtsjen ha".

Undertusken kaam it kriichsfolk
en beseeg'le Tjerck syn lot,
want hja lieten de reade hoanne
kraaie op it Waltaslot.

Doe't Tjerck Walta letter thúskaam
seach er swarte muorren stean.
Sa fergie it ealman Walta
en hy krig' fertsjinne lean.



Jelly J. de Jong.

SPORT * SPORT * SPORT

Op vrijdagmiddag en avond, 30 december, is er weer
een tafeltenniscompetitie in 'It Waltahûs'.
Dames en heren, jongens en meisjes, dus jong en oud
zijn van harte welkom.

Vrijdagavond, 3 februari, is de jaarvergadering van
de sportvereniging ook in 'It Waltahûs'.

Stimuleer en steun de sportvereniging door eens te
komen.

Noteer deze avonden even op uw kalender en houdt deze
avonden vrij.

Dus: 30 december
3 februari

Hartelijk dank namens
de sportvereniging
Tr. W.





BILJARTCLUB H.T.S.

Het seizoen 82/83 was behoorlijk spannend.

We kregen onvoorstelbaar een klap van de damesbiljartclub 'de Stoters' uit Bolsward.

De dorpscompetitie Tjerkwerd-Parrega toonde na 40 partijen gespeeld te hebben nog geen winnaar.

Er werd toen uitgeweken naar neutraal terrein, om nogeens 8 partijen te spelen.

Gemakkelijk was het niet.

Wij wonnen die avond met 10-6.

Onze spelers die hun partij winnend afsloten waren: R.G. de Jong, W. Meinsma, D. Poelstra, F.D. de Boer en J Reidsma.

In onze competitie werd G. Hofstra met 48 punten de onbetwiste kampioen.

2De werd H. Huitema 45, 3de W. Meinsma 43, 4de S.

Hiemstra 41 en 5de H. Schakel met 40 punten.

Het nieuwe seizoen 83/84 ging op 13 september van start.


Van onze voorzitter B. Volbeda en secretaris S. Hiemstra, werd, na vele jaren aaneen veel werk voor de club te hebben gedaan, afscheid genomen, als bestuursleden.

Na stemming namen G. Hofstra en W. Meinsma deze bestuursfuncties over.

De dorpen-competities Parrega-Tjerkwerd werd uitgebreid met de dorpen Exmorra en Gaast.

Wij hebben inmiddels 3 wedstrijden gespeeld en wel op 22 november tegen Parrega, 9 september tegen Exmorra en 16 december tegen Gaast. Winnaars waren er niet, want al deze wedstrijden eindigden in een gelijkspel 10-10.

Begin volgend jaar wordt de dorpen-competitie afgespeeld. Verder wensen de leden van de biljartclub een ieder gezegende Kerstdagen en een Gelukkig Nieuwjaar.



STICHTING "IT WALTAHUS".

Sa't jo witte hat it bestjoer de taak 'It Waltahûs' foar it mienskipslibben funksjonearje te litten. Om't Sietse Greidanus om údens ferfearn is, moasten wij in nij bestjoerslid hawwe en dat is mefr. Akke Gietema- van Wieren wurden. It bestjoer hat dizze simmer gâns ûnkosten hân: De boppeseal en de grutte seal binne opknapt, it platte dak fan de boppeseal is fernijd ensfh. Soks kostet fansels jild en dêrom set it bestjoer aksje op tou om it gebou draaiende te hâlden. Okkerdeis wie't wer safier. De krite fan Snits spile it blyspul 'de spesialiteit fan it hûs'. De ferwachtings fan it bestjoer wiene heech. No, dat foel ôf, plus minus 75 minsken. Lykwols..... wy wolle dy 75 minsken betankje foar harren oanwêzichheid. Troch jimme skeaten wy der krekt gjin jild by yn! De twadde kâns om de finansjele tastân te ferbetterjen grypt it bestjoer oan op nijjiersdei. Dan is der wer it tradysjonele nijjiersbal, mei de útrikking fan de Skieppesturt 1983. Alle TsjerkwerTERS binne hjir tige wolkom.



Jo stypje it Waltahûs net allinne troch it lege yntreejild, mar ús bestjoer hat ek fan alle konsumpsjes in part. Wy hoopje, dat in protte doarpsgenoaten fan 'e gelegenheid gebrûk meitsje sille, om inoar in goed 1984 ta te winskjen

Oan't sjen op 1 jannewaris!
It begjint 21.00 oere.

It bestjoer.

"It Pjuttehonk".

Voor het einde van het jaar nog even wat nieuws uit de peuterspeelzaal "It Pjuttehonk". Het is nu alweer 2½ jaar geleden, dat we van start

Elke dinsdag- en donderdagmorgen van 9 tot 11,00



zitten we in de bovenzaal van het Waltahûs. Richtsje Speerstra is de leidster en Antje de Jong helpt haar erbij. Op het ogenblik zitten er ongeveer 13 kinderen op. De één komt één keer in de week, de andere twee keer. Het is een mooi aantal, wat we nu hebben. Wel gaan er per 1 januari drie kinderen naar de kleuterschool, maar we hopen, dat hun plaatsje snel weer ingenomen zullen worden.

Als ze komen, dan spelen ze eerst wat, daarna gaan ze met z'n allen in een hoek zitten en vertellen de kinderen hun nieuwtjes. Ook wordt er dan gezongen en een verhaaltje verteld.

Dan gaan ze met elkaar iets eten en drinken en vaak wisselen ze dan hun hapjes uit. Hebben ze het op, dan mogen ze weer gaan spelen. Er staat van alles; Een zandbank, een klimrek met glijbaan, veel auto's, poppen, puzzels, lego en noem maar op.

Ook wordt er vaak nog geplakt, getekend of geverfd over een verhaaltje.

Natuurlijk is alles vrijblijvend.

Niets moet, maar bijna alles mag.

Als u het leuk vindt, u bent altijd welkom. Loop gewoon maar eens binnen. Jong of oud, 't maakt niet uit. Het is altijd erg gezellig.

O ja, we beginnen weer op dinsdag 10 januari 1984.

Peuterspeelzaal "It Pjuttehonk"



BOARGERLIKE STAN:

Twa kear hat de earrebarre us doarp oandien.
Earst brocht hy in jonkje, Cornelis, by Hessel
en Elly de Groot, de twadde kear alwer in
jonkje, Sjoerd, by Doede en Epie Wijngaarden.
Lokwinske!

Der trouden ek twa pearkes.

Tsjalke van der Meer en Tine Jukema hawwe har no
te wenjen set op Rytseterp 1.

Anne Dam en Thea Ruiter trouden en wenje no
op Waltawei 55.

Gosse en Coby Hofstra wiene 12½ jier troude
en dat mei yn dizze tiid ek wolris neamd
wurde.

Yn Elim te Boalsert ferstoar ús âld-
doarpsgenoate mefr. A. Posthumus- de Boer.

AFSCHEID VAN VOORZITTER B. VOLBEDA OP DE JAARVERGADERING VAN DE IJSCLUB.

De agendapunten worden weer snel door dhr. B. Volbeda
afgewerkt. Door stemming wordt Jelle Zijsling
voorzitter van de ijsclub.

Dan komen we aan het punt toe om afscheid van de heer
B. Volbeda te nemen.

De heer Volbeda is ongeveer 50 jaar lid van de ijsclub
geweest.

Van 1976 is hij tot nu toe
voorzitter geweest. Zelfs
stond toen in de kranten
dat Humpy Dumpy, er helemaal
alleen voor stond (met 100-
jarig bestaan) Vanaf die
tijd heeft hij zich geweldig
voor de ijsclub ingezet.

Op de jaarvergaderingen sleepte
hij een vracht prijzen bij elkaar
voor de grote verloting.



En was het ijs sterk, dan bruiste hij van aktiviteit.
Daarom als waardering wordt hem een boek over de
Elfstedentocht en een boek over de sportvisserij
aangeboden.

Verschillende mensen bedanken de heer Volbeda nog
voor zijn inzet en humor.

Als keurmeesters worden benoemd de heren: A. Dam en
O. Postma.

De heer H. Gietema wordt de nieuwe starter.

De hoofdprijs van de grote verloting gaat naar

T. v. d. Meer - Jukema.

Jelle Zijssling bedankt de mensen voor hun komst



Hierbij willen wij iedereen hartelijk bedanken voor
de vele kaarten, bloemen en cadeaus, die wij tijdens
en na onze trouwdag mochten ontvangen.
Tevens wensen wij u allen Prettige Kerstdagen en
Gelukkig Nieuwjaar.

Tjalke en Tiny v.d. Meer,
Sjoukje, Haijo en Martine


Anne en Thea Dam

HART-REANIMATIE CURSUS

De E.H.B.O. afd. Tjerkwerd organiseerde in samenwerking met de Ned. Hartstichting een hart-reanimatie cursus. Daar de plaatselijke afdeling te weinig leden telt, kregen we assistentie van de afd. Bolsward en Makkum. Er werden twee oefen-avonden gehouden in 'het Wltahûs' te Tjerkwerd o.l.v. dr. Sikkens uit Bolsward en dhr. Kolkena, die de praktische kant verzorgde.

Het examen vond op 12 november 's morgens plaats van 10 - 12. Van de 20 cursisten, slaagden er 18. 1 werd er afgewezen en 1 liet verstek gaan.

Een bijzonder woord van dank komt toe aan de heren Sikkens en Kolkena, als mede aan mevr. A. Gietema - v. Wieren, die veel werk heeft verricht om deze cursus te doen slagen.



EEFKES FOARSTELLE

Wa is no de 'nijboer' dêrre 'Op'e terp' op Beabuorren?
No, ik wol der wol wat fan sizze.

Ik hjit fan Ulke Wiersma, ha myn wurk yn Snits,
by it ûnderwiis.

Hjirfoar wenne ik yn Raard, wie dêrre de 'boskwachter'
fan it Raarderbosk.

Mar mei de geiten, hinnen en 'e hûn, liket it my hjir
skoan ta op'e romte op Beabuorren.



En as ik op Tsjerkwert útsjoch, is it in alderaardichst
plakje.

'k Hoopje mei in soad nocht hjir te wenjen en te
'Buorkjen'.

Ulke Wiersma,
Beabuorren 3,
Tel: 5886.



BERJOCHTEN FAN DE ORANJE FERIEING

Op sneon-te-middei 26 novimber, wie it wer safier: De yntocht fan Sinterklaas.

Mannich bern stie mei klopjend hert te wachtsje by de Trekfeart. Fan hokker kant soe er komme?

Dat is altyd wer in ferrassing. Om ûngefear healwei twaën kaam er mei syn gefolch, op Hille Schakel syn boat, troch de kanaalsbrêge, Hille hie harren mar eefkes ophelle, want Sinterklaas syn grutte boat koe hjir net oanta komme.

It korps stie al klear en blies mannich Sinterklaas ferske. De stoet gong op nei 'it Waltahûs'.


De piten wienen by de opslach fan board gongen en dielden ûnderweis hjir en dêr pipernûten út.

'It Waltahûs', wie wer fersierd mei prachtige tekeningen en hânwurkjes. Sinterklaas fûn it dit jier sa'n swier stik út te meitsjen wa't de priis wûn hie, want se wienen allegearre like prachtich, dat hy beslute, alle bern in earste priis te jaan.

De lytse peuterkes fan 'it Pjuttehonk', hienen in hiele moaie boat foar Sinterklaas makke.

It wie krekt syn grutte steamboat mei allegearre pakjes derop. Sinterklaas wie der tige wiis mei. Der moasten fansels ek wer wat bern by

de âld man komme en der waard hiel wat ôfsongen, ûnderbegelieding fan it korps. Oan it ein fan it feest, krigen alle bern in presintsje en naam Sinterklaas ôfskie en wy sizze mar wer oan't takomme jier.



Op ús jierlikse ledengearkomste waarden as nije bestjoersleden keazen: Johannes Bakker en Germ Dijkstra. Wolkom yn it bestjoer!
 Hja kamen yn it plak fan Johannes Dijkstra en Yeb Witteveen, dy't beide nei 6 jier net wer kiesber wienen.
 It doarpsfeest waard steld op 10 en 11 augustus.
 Hâld dizze dagen frij!

Fiedersoan winsket it bestjoer fan'e Oranje ferieniging eltsenien in noflike Kryst, in gesellich Uteinde en in goed 1984 ta.

Joke Schukken.



BIJDRAGEN BINNE KOMMEN FAN:

W. Bootsma - Pietersbierum, B. Ydema - Boalsert,
 S. Hiemstra - Van Panhuyswei, J. Witteveen - Waltawei,
 S. Poelstra - Arkum, H. Speerstra - 't Hearrenfean,
 S. Breeuwsma - Van Panhuyswei, B. de Jong - Weidum,
 F. Gietema - Singel, K. Schukken - 't Hearrefean,
 J. Falkena - Sylroede, P. Burghgraef - Jousterp,
 Mefr. v.d. Berg - Iemswâlde.

Us hertlike tank hjirfoar.

SNYPSNAREN:

- Freark S. hat de lêste tiden in soad reizige, it falt ús net ôf dat hy Tsjerkwert wer fûn hat. Op syn rapport fan'e legere skoalle hie F.S. yn 1931 in 4 foar ierdrykskunde. Oan it ein fan de sawnde klasse lykwols, wie it in $7\frac{1}{2}$.
- Pier B. soe nei Snits om bloed te jaan. Och, jo witte hoe't soks giet: In skjinne ûnderbroek oan ensf. Pier nei Snits mei in fleske jarre. Pier koe't net fine en kaam sadwaande mei jarre en bloed wer thús.
- Yn Drachten e.o. wenne eartiids Peye, fan berop muzikant. Wolno, Tsjerkwert hat yn persoan fan Jehannes D. syn eigen Peye. Lis de sinten mar klear as hy earstdeis by de doar komt te spyljen.
- Dy bok by Ule yn it foarige nûmer is alhiel ôfdien, hy kin no allinne noch mar stean.
- Jelte S. en Jan G. ha dei oan dei de ribben kniesd. Se rinne noch jusjes bryk en hâlde eltsenien op in ôfstân.
- Jo komme dochs ek op it Nijjiersbal op 1 jannewaris? Dêr wurdt de nije Skieppesturt útrikt.
- Yeb W. hie in protte hoannen. Se frieten te folle, dat Yeb soe der mei rêde. Huub soe helpe. Trudy hie de friezer al oan stean, mar it waard neat. Foaral mei de koppen woe't net slagje. It wie allegearre grom. Alles is yn de grûn bedarre.
- Kopy ynleverje foar 15 febrewaris.



3



3